

Van: "[REDACTED]"
Verzonden: maandag 20 januari 2025 15:59
Aan: "[REDACTED]@opsterland.nl" <[REDACTED]@opsterland.nl>;
"[REDACTED]@smallingerland.nl" <[REDACTED]@smallingerland.nl>; "[REDACTED]@noardeast-fryslan.nl" <[REDACTED]@noardeast-fryslan.nl>; "[REDACTED]@noardeast-fryslan.nl" <[REDACTED]@noardeast-fryslan.nl>;
"[REDACTED]@achtkarspelen.nl" <[REDACTED]@achtkarspelen.nl>;
"[REDACTED]@dantumadiel.frl" <[REDACTED]@dantumadiel.frl>; "[REDACTED]" <[REDACTED]@waadhoeke.nl>;
"[REDACTED]@heerenveen.nl" <[REDACTED]@heerenveen.nl>; "[REDACTED]@heerenveen.nl" <[REDACTED]@heerenveen.nl>; "[REDACTED]" <[REDACTED]@sudwestfryslan.nl>; "[REDACTED]" <[REDACTED]@defryskemarren.nl>;
"[REDACTED]@leeuwarden.nl" <[REDACTED]@leeuwarden.nl>
Onderwerp: Meartalige Ferkearsbuorden yn Fryslân

Bêste kollega's,

Ofrûne wike hat it kolleezje fan Deputearre Steaten wrâldkundich makke dat se yn 2026 twatalige ferkearsbuorden by de provinsjale diken del yntrodusearje wolle. Foar it bekendmeitsjen fan dat beslút hat deputearre Folkerts mei alle wethâlders yn it Fryske taalgebiet belle om't de provinsje allinnich foech hat oer de provinsjale diken, mar it foardielich wêze soe foar de ferkearsfeiligens om ek op de gemeentlike diken twatalige ferkearsbuorden yn te fieren. En dêr ha gemeenten no krekt it foech oer. Jim wethâlders ha yn dy petearen oanjûn der in (op syn minst) positive grûnhâlding foar oer te hawwen en dat se wol ûndersykje wolle oft soks yn jim gemeente kinne soe. Deputearre Folkerts soe yn 'e kommende wiken graach yn petear wolle mei jim wethâlders om te sjen hoe't der mei-inoar it bêst ynfolling jûn wurde kin oan dy opjefte.

Om dy petearen no tariede te kinnen, wie ik benijd oft jim by jim gemeente by de kollega's dy't dêr oer geane opfreegje kinne hoefolle talige buorden jim op jim gemeentlike diken stean ha. It giet dêrby net om de paadwizers (bewegwijzering) mar om de saneamde RVV-buorden lykas fytspaad, ZONE-buorden, en ûnderbuorden mei bygelyks 'uitgezonderd.' Soenen jim dy by jim kollega's opfreegje kinne?

Foar jim noch: Op it AO fan 6 febrewaris stiet it ûnderwerp op de aginda en nim ik jim graach mei yn de lêste stân fan saken. Mochten jim al earder ferlet ha fan argumintaasje om ferkearsfeiligens en/of sichtberens kinne jim altyd it DS-beslút bypakke. Dêr stiet alle ynformaasje yn dy't ik (gearfette) oan jim foarlizze sil yn it AO. It beslút kinne jim hjir fine: [Besluitenlijst Gedeputeerde Staten 14 januari 2025 | Fryslan](#). Dêrmei besykje ik net te sizzen dat jim deselde argumintaasje brûke moatte, mar it jout wol kontekst by it beslút dat DS naam hat. Ek goed foar jim en jim ferkearskollega's om te witten is dat de provinsje yn prinsipe de rezjy op dit dossier op har nimt. Wy sille dus sjen nei it ûntwerp fan de ferkearsbuorden ensafh. De ferskate bestjoerstafels op dizze mêden sille op passende wize meinaam wurde yn de fierdere útfiering.

Ik hear graach fan jim oft jim dy data by jim ferkearskollega's opfreegje kinne en belje my ek gerêst as der fragen en/of ûndúdlikheden binne!

Mei freonlike groetnis,

[REDACTED]

[REDACTED]
Taal en Leefberens
06 [REDACTED]
[REDACTED]@fryslan.frl

Wurkdagen: [REDACTED]



Tweebaksmarkt 52 (besikersadres)
Postbus 20120, 8900 HM Leeuwarden
(058) 292 5925 / provincie@fryslan.frl
fryslan.frl





Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen